

Febrewaris 2023

# de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 68 nr. 1

## Wat sit der yn de koer?

### Programma 2022-2023

Datum	Lokaasje*	Begjintiid	Programma
<b>Sneon 4 maart 2023</b>	Utert-B	14:00 oere	<b>High tea en spultsjes</b> yn De Bijnkershoeck; sjoch side 8
<b>Sneon 1 apr. 2023</b>	Seist-N	20:00 oere	Kabaret Noordenbos en Ko

\*Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist, Utert-B = Bijnkershoeck, Utrecht

### Meidielingen bestjoer

- Us folgjende aktiviteit is wer op in middei; kom hjir manmachtich op ôf!
- In oantal leden hat de kontribúsje 2022/2023 noch net betelle; sjoch side 9 foar in oprop fan de ponghâlder.
- De oplossing fan de Kryst-priispuzel wie: BELSLYDJEIE. Fiif leden hawwe de goede oplossing ynstjoerd en kinne in pryske ôfhelje op de kritegearkomste fan 4 maart yn Utert of 1 april yn Seist.

### Ledenijs

- Spitigernôch hat it bestjoer no pas it berjocht ûntfongen, dat ús lid Ymy de Roos-Yska ferline jier ferstoarn is.
- Op 23 jannewaris 2023 is Sjol Brevoord-de Groot ferstoarn. Trieneke Vos hat in ta oantinken skreaun.
- Ferhuze: mei yngong fan 1 febrewaris 2023 wenje Siebren en Thea Miedema op it adres Pelmolenerf 9, 2807 EX Gouda.

### Boun om Utens ([www.fryskbutenfryslan.fr!](http://www.fryskbutenfryslan.fr!))

- Op sneon 25 maart 2023 wurde de Algemiene Gearkomste en de Moetings-en Ynspiraasjemiddei holden yn Lelystêd. Sjoch side 9.
- It Boun om Utens bestiet dit jier 100 jier. **It jubileumfeest foar alle kriteleden is op sneon 16 septimber 2023 yn Zwolle.**



## Fan de foarsitter


Dan is it sa mar wer febrewaris. En is dy lange moanne wer efter de rêch! Wy hawwe mekoar nijjier winske. It wie spitich, dat der mar sa'n bytsje leden wienen. Mar ja, neat oan te dwaan. Wy geane no op nei 4 maart. Dêr sille wy in high tea hawwe; allegear lekkere hapkes, en mei tee en kofje dêrby. Yntusken dogge wy 'spultsjes' en in aardige kwis. Der sil foar elkenien wol wat by sitte, wêr 't jo aardichheid oan hawwe. Wy binne dêr om 14.00 oere en sille om 16.30 oere hinne wer op hûs oan.

Jo kinne jo opjaan by my. Fia de e-mail of fia de telefoan. It leafst sa gau as mooglik is, dit y.f.m. de ynkeap fan al dat lekkers. Wy hoopje op in goede opkomst fan jimme as leden. Foar jimme binne der gjin kosten oan ferbûn! Mar lit asjeblioft wol efkes witte as jo komme. Dan kinne wy dêr rekken mei hâlde!

Wylst ik dit sit te typen, sjoch ik efkes de tûn yn en tusken de snieklokjes en de krokuskes, sjoch ik ek al wer hast bloeiende narsissen. Ek de rododendron sit al wer stiifol mei grouwe knoppen! Yn desimber hat dy noch prachtich bloeid! Mar no seach ik wer op it waarberjocht, dat wy noch in bytsje froast krije. No, wy wachtsje it mar ôf. Dêr kinne wy dochs neat oan feroarje. En dat is mar goed ek!

Hjir woe ik it hjoed mar by litte. Allegear dy 't lêst hawwe fan gryp as ferkâldens, winskje ik fan herte betterskip ta. En hooplik sjogge wy jimme op 4 maart yn de Bijnkershoek.

Mei in hertlike groet  
fan Pietie Westdijk-Kaasta





## Ta oantinken Sjol Brevoord-de Groot

Lêstendeis kaam it berjocht, dat Tjaltje Brevoord-de Groot út Wijk bij Duurstede op 22 jannewaris ferstoarn is. Wy koene har as Sjol.

Sy is op 19 febrewaris 1943 yn Starum berne as middelste fan fiif bern. Se kaam út in skippershúshâlding en dat wie foar heit en mem net altyd maklik. Fan har njoggende jier ôf gong sy nei skoalle en dat betsjutte dat sy yn 'e kost moast yn Snits. Allinnich yn de kryst- en simmerfakânsje wie sy by har âlden oan board. Nei har skoaltiid, 14 jier âld, gong sy wer op it skip en holp heit en mem mei alle wurk oan board. Letter, om har tweintichste jier hinne, hie sy wurk oan de wâl. Sy troude mei Gerrit en tegearre foeren sy op it skip fan Gerrits âlden. Gerrit krige wurk by Rijkswaterstaat, want se fûnen it dochs wol beswierlik om de beide bern (Bert en Margriet) nei in ynternaat te bringen. It skip waard ferkocht en de bern wienen de hiele dei thús. Sjol geniete derfan.

Yn 1984 ferhuze de húshâlding nei Wijk bij Duurstede, der't Gerrit spitigernôch in pear jierren letter troch sykte ferstoar. Sjol wurke yn 'Het Brandpunt' yn Doorn en dat hat sy oant har pensjoen dien. De lêste jierren gong har sûnens efterút. Sy wie fallen en it woe mar net opbetterje. Ek de koroana hat har te pakken hân en doe gong it hieltyd mear efterút. Yn dy tiid haw ik har ris skille en sy fertelde my, dat se net mear autoride koe en dêrom net mear op in kritejûn komme koe. Sy fûn dat hiel spitich. Ik kin Sjol as in fleurige frou, dy't altyd helpe woe op in kritejûn.

Boukje Andringa silger en ik hawwe har, yn de rin fan de jierren, in pear kear opsocht. Sy wenne deunby de slûs en dat fûn se prachtich; it die har tinken oan de moaie jierren op it skip. Nei in hertoanfal op 17 jannewaris is sy de 22<sup>e</sup> ferstoarn. Wy winskje de bern en bernsbern sterkte en treast ta yn dizze tiid fan rou, fertriet en gemis.

*Trieneke Vos*





## Nijjiersbesite op 14 jannewaris 2023

Foarsitter Pietie Westdijk hjitte ús wolkom op ús nijjierjen. Se winske ús ta: *“Folle lok, seine en sînens yn 2023. Dat jildt ek foar ús leden, dy’t net mear komme kinne troch sykte of âldens. Wy tinke oan harren en libje mei harren mei.”*

Pietie neamde de ferstoarne leden yn 2022 en fan elts lid wurde yn it koart wat bysûnderheden neamd. It wiene:



- Fokje van Hell - de Roos**, ferstoarn 6 jannewaris, 93 jier;
- Hanne Roosma - Stienstra**, ferstoarn 10 febrewaris, 93 jier;
- Teatske Bollen - Voolstra**, ferstoarn 11 july, 92 jier;
- Boukje Andringa - Brattinga**, ferstoarn 15 oktober, 80 jier ;
- Jannie Bloemsma - de Jong**, ferstoarn 6 novimber, 70 jier;
- Hendrik Visbeek**, ferstoarn 7 novimber, 74 jier.

Mei in momint fan stilte binne dizze seis minsken betocht. Dêrnei lies Pietie it gedicht *‘Jier op jier’* fan Eize de Boer foar. Wy ha songen, it Frysk folksliet en oare Fryske ferskes. Wy hiene begelieding fan Liesbeth Bonsma op de piano. Trieneke Vos hat it gedicht *‘In hûs fan stilte’\** fan Tsjits Peanstra foarlêzen. Ek hat se in moai ferhaal fan Rink van der Velde foar ús nei foaren brocht.

Hjirnei wie it tiid foar sop, trije soarten waarm iten en in neigesetsje. Wy hawwe lekker iten. By de neisit is as ôfsluting it gedicht *‘Nei al dy jierren’* fan Riets Gratama foarlêzen troch Richtsje de Jong. Dit gedicht stie op syn roukaart en hat yn de Kritekoer stien fan desimber 2017. Pietie hat de meiwurkers fan De Bijnkershoeke en pianiste Liesbeth in attinsje jûn foar harren wurk en ynset.



## Taalrubryk Styl

Mirjam van Houten is skriuwer en yllustrator fan berneboeken. Se hat ek in taalrubryk **Styl**. Wy hawwe tastimming om tekst fan har oer te nimmen. Diskear in stikje oer wurden en sechjes dy't te krijen hawwe mei it uterlik en klean.

Friezen hawwe de namme om it net al te bûnt te meitsjen. Oer it generaal jildt: "Ei, doch mar gewoan ju!" Wat harren taal oanbelanget binne de Friezen ál tige kleurryk en fernimstich.

Immen mei in keale holle is letterlik en figuerlik 'troch it hier hinne woeksen'. Fan minsken mei read hier wurdt der sein dat se 'reade pannen op it dak hawwe', en in luzepaadsje troch it hier, dêr kin elkenien sels de betsjutting wol fan betinke. Dêr't meastentiids net in luzepaadsje trochhinne rint, dat is 'hier as ankertou', da t krijt men as men it hier in skoft net wasket.



De holle yn it algemien hat de Friezen ek tige ynspirearre ta prachtige fergelikings: sa kin men in holle hawwe as in amer, in einekoer, in hantsjettel, in pot, toer, kazerne, neam mar op! Der besteane sels 'hollen as blomkoalen dêr't de wjerljocht yn slein is', dêr is it ek goed mis mei!

Tekoartkommings yn it uterlik fan 'e minske foarmje ek in ynspiraasjeboarne foar de prachtichste taalfynsten: wa't 'mei it iene each yn 'e Kúnder sjocht en mei it oare yn Willemstêd' is tige skilich, en wa't altyd yn 'e hûs sit en dêrtroch net in soad kleur om 'e snút kriget, hat in 'keamerkleur'. Fan guon froulju wurdt sein dat se 'skiere knibbels' hawwe; mei harren knibbels is lykwols neat oan 'e hân; hjirmei wurde froulju bedoeld dy't lossinnich libje.

*Ynstjoerd troch Ida Knobbe*



## Utnûging AG Frysk Boun om Utens

Alle kriteleden binne op sneon 25 maart 2023 wolkom yn Lelystêd foar de 99e Algemiene Gearkomst en de Moetings- en Ynspiraasjemiddei. Gastkrite is de Sékrite fan Flevolân. Lokaasje is Boerkok, Meerkoetenweg 9. Lelystêd.

### **Kom nei dizze Fryske dei yn Lelystêd en moetsje nije minsken én âlde bekenden!**

#### **Programma**

10.30 oere: **1. Algemiene gearkomste**

Fan alle kriteleden wurde (bestjoers)leden ôffjurdige om út namme fan harren krite in stim út te bringen as dat frege wurdt.

12.00 oere: **2. Lunsj-skoft: € 17,50**

13.30 oere: **3. Moetings- en Ynspiraasjemiddei (fergees)**

Dizze kear mei de wolbekende akteur Peter Tuinman.

15.00 oere: Skoft

15.30 oere: **4. Teäterselskip Adyrf: € 10,-**

De Sékrite Lelystêd nûget spesjaal alle kriteleden út foar dit moaie teäterprogramma. Kosten foar krite-leden € 10,- ; foar net-leden € 12,50.

17.30 oere: Ôfsluting

18.00 oere: Foar wa't wol: **5. Waarm ite by Boerkok: € 29,50**

Opjaan kin foar ien, mear of alle fiif ûnderdielen fan 'e dei. Doch dit uterlik op freed 10 maart 2023 by Jan Piet Bergmans. Dêr kinne jo ek it dokumint 'It Ambyld' opfreegje, mei alle details en mei de wurklist en jierstikken foar de AG. Foar fragen kinne jo ek terjochte by Gerrita Otten (Bounsbestjoerder).





It bestjoer fan SELSKIP MEI INOAR IEN  
nûget jimme út foar in noflike middei mei



## High tea & spultsjes

op sneontemiddei 4 maart 2023

Wer in aktiviteit op 'e middei! Kom net mei in grou liif,  
want der is in protte lekkers! Kofje, tee en it iten binne fergees.

### Programma

- 14.00 oere: Begjin fan de middei
- ❖ High tea mei ferskillende swiete en hertige lekkernijen;
  - ❖ Spultsjes: sjoele, alvestêdespul, Frysk kwartet, lytse kwis, ensfh.
- 16.30 oere: Wer op hûs oan

Datum:	4 maart 2023
Lokaasje:	woonzorgcentrum De Bijkershoek, Van Bijkershoeklaan 250, Utrecht
Hoe let:	fanôf 14.00 oere
Kosten:	-- <i>gjin</i> --
Oanmelde:	graach <b>uterlik moandei 27 febrewaris</b> by Pietie Westdijk



**Ferkeap healsliten boeken**





### Afternoon tea en high tea

In afternoon tea, sa 't de Ingelsen it neame, is in teeseremoanje dy 't bestiet út lytse hertige en swiete gerjochten. In afternoon tea wurdt meastal om trije of fjouwer oere hinne oan lege, saneamde salontafels s ervearre en duorret likernôch twa oeren. De Ingelsen kenne ek de 'high tea'. Dit is in breed (brea)miel mei in waarme snack dy 't jûns om itenstiid hinne servearre wurdt. De Ingelske high tea wurdt tradisjoneel oan hege tafels, yttafels, servearre. Dêrom de namme high tea. Yn Nederlân wurdt dus faak de term 'high tea' brûkt, wylst men eins de Ingelske 'afternoon tea' bedoelt.



### OPROP PONGHALDER

In oantal leden hat de kontribúsje foar dit kritejier noch net betelle. Graach de € 12,- sa fluch mooglik oermeitsje, óf kontant betelje op de krite-gearkomste fan 4 maart yn Utert of 1 april yn Seist. By fragen of problemen kinne jo kontakt opnimme mei ponghâlder Harke Hofman of ien fan de oare bestjoersleden. Efterop dizze Kritekoer stean it rekkennûmer fan de krite en kontaktgegevens.

### Oekumenyske Fryske tsjinst

Snein 26 februari 2023 om 16:00 oere is der in oekumenyske Fryske tsjinst yn Seist. Sjonge, bidde, harkje nei de wurden út de Bibel yn it Frysk. It is foar Friezen, en mannich net-Fries, altiten in bysûndere ûnderfining. Elkenien is is wolkom, likefolle taal of komôf. Foargonger is ds. Yko van der Goot. Plak: Doopsgezinde kerk, Pauw van Wieldrechtlaan 29A, Zeist.

### Ferfier nei kritemiddei 4 maart 2023

As jo sels gjin ferfier hawwe, kinne jo jo uterlik woansdei 1 maart opjaan by Trieneke Vos om mei te riden mei de Fryske taksy, telefoan: 06-2512 4335. Sprek eventueel dit boadskip yn: "Mei ..... Ik wol kommende sneon graach meiride mei de Fryske taksy. Myn telefoannummer is .....“ Wy soargje foar it nedige tal auto's. Jo krije te hearren hoe let jo klear stean moatte en wurde ophelle by de foardoar. Kinne jo dizze kear Fryske-taksy-sjauffeur wêze? Dit graach ek oan Trieneke trochjaan.

Safolle mooglik leden moatte meidwaan kinne; wy binne Mei Inoar Ien!



## In hûs fan stilte

Lit ús in hûs fan stilte bouwe  
mei muorren fan leafde  
en in dak fan frede  
mei keamers fol blydskip  
en in tún  
in tún  
mei wat ljocht  
en wat skaad  
mei wat sjongende fûgels  
en in slûgjende kat op it paad.

Lit ús in hûs fan leafde bouwe  
mei muorren fan begryp  
en in dak fan fertrouwen  
en in hiem om te sintsjen  
en keamers  
keamers  
om yn te ferdwinen  
elkoar te sykjen  
elkoar te finen

Lit ús in hûs fan stilte bouwe



*Tsjits Peanstra*

Ut bondel: 'It hûs fan stilte' (1968) en sammelbondel 'Neierhân' (1999)



Tsjits Peanstra wie de skûlnamme fan Tsjits Jonkman-Nauta, (Grou, 6 novimber 1924 - Drachten, 28 febrewaris 2014). Sy wie in Frysk dichteresse. Njonken dichtsjen hat Tsjits Peanstra har ek noch op oare keunstsinnige wizen utere: se skildere, etste, makke akwarellen en boetsearre. Peanstra hat fjouwer kear de Rely Jorritsmapriis (foar Fryske ferhalen en gedichten) wûn.



Sûnt de maitiid fan 2008 is it gedicht *It hûs fan stilte* troch elkenien te lêzen op de sydmuorre fan it hûs oan de Horstwei 7 yn Parregea. Foar de bewenners fan it hûs wie dit harren moaiste gedicht. It hûs stiet oan de Alvestêderûte en is troch in soad minsken al fotografearre. Dat bliuwt mar trochgean, fytsers, kuierdere, boatsjeminsken ensfh. Sels auto's hâlde op om troch it rûtsje in foto te meitsjen. Op 29 april 2008 stie in foto fan it gedicht op de kultuerside fan de Ljouwerter Krante. Op 25 novimber 2009 kaam der nochris in wiidweidich ynterview yn de Ljouwerter Krante.

Boarnen: [sirkwy.frl](http://sirkwy.frl), [straatpoezie.nl](http://straatpoezie.nl), [fryskopedyk.tumblr.com](http://fryskopedyk.tumblr.com)



## Ha jimme it al heard? In musical oer de Alvestêdetocht!

**Musical De Tocht** giet oer fiif reedrydfreonen dy 't inoar yn de rin fan de jierren troch rûzje en oergeunst út it each ferlern binne. Mar yn har jongere jierren diene sy inoar in belofte: *“Als De Tocht ooit nog een keer komt, dan rijden we hem samen uit”*. Belofte makket skuld. En trochdat ien fan de freonen in geheim by him draacht, stiet der mear op it spul as inkeld it heljen fan it krúske... De Tocht rydst allinnich, mar allegear mei-inoar hellest de finish.

De musical wurdt opfierd yn it nije **Friso Theater** dat spesjaal foar De Tocht boud wurdt yn Ljouwert. Mei in 360°-iisflieër fan 2.000 m<sup>2</sup> en de nijste teäter-techniken, belibje 1.460 taskôgers de Alvestêdetocht yn elke foarstelling tegearre mei de haadpersoanen út ús ferhaal yn al syn utersten. In belibbing om nea te ferjitten!

Musical De Tocht wurdt spile fan 17 septimber o/m 30 novimber 2023, giet offisjeel op 1 oktober 2023 yn premjêre en wurdt skreaun troch Allard Blom (skript en lietteksten), Bonne Stienstra (Fryske dialooch), Ad van Dijk (muzyk) en Sytse Broersma (muzyk en Fryske lietteksten). De regy is yn hannen fan Eddy Habbema.

Sjoch foar boppesteande ynformaasje en kaarten: [www.musicaldetocht.frl](http://www.musicaldetocht.frl).



## Alvestêdetocht 1963

Us leden Nieske en Edo van der Woude út Culemborg ha yn 1963 meiriden mei de Alvestêdetocht! En al dy tiid hawwe wy dat net witten! It bestjoer hat se frege om wat fan har ûnderfiningen op en neist it alvestêde-iis foar ús op te skriuwen. Hjirûnder lêze jo harren ferhaal oer dy barre tocht...

### Reinier Paping achternei - Tinzin oer de Alvestêdetocht fan 1963

*Fraach oan Edo: "Wêr tinksto it earst oan ast' oan ús Alvestêdetocht tinkst?" "Ut knoffelen deur de lannen nei ut stasjon." "En jou?" "Ik oan it stasjon fan Hylpen. Dat lange, lange wachtsjen en al dy minsken."*

Wy wiene noch jong. It wie noch yn ús ferkearingstiid; oankommende simmer - as wy it belibje - binne wy al 60(!) jier troud. Sa lang is it dus al lyn! Wy wiene betiid begûn. By it keapjen fan de startbewizen yn it Beursgebou wie Nieske fuort op it loket fan 'start 7 uur' ôfstapt. Dat wy stiene al betiid op it iis; pikketsjuster, it earste stik op de Swette. It foel ús net ta; in soad barsten en skuorren. Mar wy wiene goed traint, hiene hiel wat tochten riden. In pear dagen earder hiene we noch de Alvearretocht riden, ek al 100 kilometer.

Oant no ta gie alles tsjin'e wyn yn, mar by Starum soe it better wurde. Mar it waard net better. De wyn helle oan en o, alderheislikst, hy waaide ynienen út in oare hoeke. Wer yn'e wyn op! It riden waard ek minder, want de snie dy't oeral lei, waaide op en kaam yn de fearten en sleatten telâne. It riden gie hieltyd swierder en swierder. En de snielaach wurde tsjokker en tsjokker. Wy rekken mei ús izerkes it iis net mear. Der wie gjin trochkommen oan. Hoe moasten wy sa ea yn Ljouwert komme?


No, yn Ljouwert kamen wy net, yn alle gefal net op redens. Want ynienen wiene der in pear swarte figueren, plysjemannen. Wy mochten net fierder. "En dy kant út is it stasjon."



Sadwaande moasten wy, knoffeljend op ús tinne ridersskuontsjes, dwers troch de lannen en oer sleatten troch de snie nei it stasjon fan Hylpen, en dêr kamen net allinnich wy! Wat in minsken kamen der nei ús noch by! Der kaam ek in trein. Mar dy ried troch nei Starum en kaam werom, mar ried wer troch, ôfladen mei riders dy't yn Starum fan it iis helle wiene. Nei lang wachtsjen wer in trein, mar itselde ferhaal. En noch in kear!

Nei oeren wachtsje koene wy mei. Deawurch, mear fan it lange wachtsjen as fan it riden, mar grutsk dat wy dochs mei dien hiene!

*Troch Nieske en Edo van der Woude*



*Nieske op redens,  
iisbaan Noardburgum*



N<sup>o</sup> 1249

# ELF-STEDEN TOCHT

op 18 JAN '63

**Contrôlekaart**

de heer N. van Dijk  
 van Meerwoude  
 Meisjefrouw NOORDBERGUM  
 Woonplaats NOORDBERGUM

Onderst. afstand	Totale afstand	Contrôleposten	Contrôlestempels	Tijden
	0	Leeuwarden	Leeuwarden	
22	22	Sneek . . .		
4	26	IJlst. . . . .		
14	40	Sloten . . .		
26	66	Staveren . .		
11	77	Hindeloopen		
9	86	Workum . .		
13	99	Bolsward . .		
17	116	Harlingen .		
13	129	Franeker . .		
45	174	Dokkum . .		
24	198	Leeuwarden		

N<sup>o</sup> 1248

# ELF-STEDEN TOCHT

op 18 JAN '63

**Contrôlekaart**

de heer E.V.D. MOUDE  
 van Meerwoude  
 Meisjefrouw LEEWARDEN  
 Woonplaats LEEWARDEN

Onderst. afstand	Totale afstand	Contrôleposten	Contrôlestempels	Tijden
	0	Leeuwarden	Leeuwarden	
22	22	Sneek . . .	Sneek	
4	26	IJlst. . . . .		
14	40	Sloten . . .		
26	66	Staveren . .		
11	77			
9	86			
13	99			
17	116			
13	129			
45	174			
24	198			



*“Hiel wat medailles, mar gjin krúske!”*

*Alvestêdetocht 18 jannewaris 1963*

Omstannichheden: Sibearysk.

Wedstriidriders: 568 fan start,

58 op tiid oer de finish, te let

nochris hast 50. Toerriders:

9.294 fan start, 69 oer de finish.

*Ut: Nieuwe Encyclopedie van Fryslân*



## KONTAKT

### Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

### Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@planet.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (06) 2718 4195, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@gmail.com

Bestjoerslid: Gerrita Otten-Onrust, (06) 2519 0166, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

### Aldereinsaken

Pietie Westdijk-Kaastra, (06) 5316 4098, pcwestdijk@kpnmail.nl

Trieneke Vos, (030) 6916 081, tvos51@kpnmail.nl

### Assistinsje gearkomsten

Nieske Schurer en Nora Koren

### Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert

**Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?**

**Graach ynleverje by de skriuwer.**

**Slutingsdatum kopij: woansdei 8 maart 2023**

